gemeente Opsterland

Oan 'e ried

Jo skaaimerk:	Jo brief fan:	Us skaaimerk:	Behannele troch:	Telefoan	Taheakke(n):
		0086168468	Jan Wim Ensing	0512 – 386 222	

Underwerp:
Ofhanneling tasizzing 'Stipe by it winnen fan fûnsen foar nije boartersplakken'

Beetstersweach, 1 april 2025
Ferstjoerd op: 3 april 2025

Achte ried,

By de riedsgearkomste fan 21 oktober 2024 hat wethâlder Durksz tasein dat boarterstúnkommisjes / Pleatslik Belangen stipe krije út de gemeente wei by it winnen fan fûnsen foar it ferfangen fan boarterstastellen. Oanlieding dêrfoar wie de berneboargemaster dy't oanspruts yn de gemeenteried oer boarterstunen. Dêr kaam ûnder oare yn nei foaren dat de boarterstúnkommisje yn Jonkerslân it dreech hie om fûnsen te winen foar it ferfangen fan in boarterstastel.

Boarterstúnkommisjes binne oanwiisd op it winnen fan fûnsen foar it keapjen fan in nij boarterstastel, de gemeentlike bydrage fan 20% mei in maksimum fan € 2000,- it tastel is meastentiids net genôch. Om ferienings en stiftingen te helpen by it winnen fan fûnsen hawwe wy in oersjoch beskikber steld op ús webside.

Op oanfraach fan in boarterstúnkommisje kin it Doarpeteam advisearje oer it winnen fan fûnsen. Somtiden is advisearje net genôch. Yn it letter dit jier fêst te stellen wolwêzensbelied sil dêrom de mooglikheid om in ferieningsstiper oan te stellen ûndersocht wurde. Dêrneist sil der dit jier in evaluaasje wêze fan it boarterstúnbelied mei de boarterstúnkommisjes, dêr't ek oandacht by wêze sil foar finânsjes en it winnen fan fûnsen.

Yn it gefal fan Jonkerslân hat de boarterstúnkommisje it winnen fan fûnsen mei súkses ôfrûne en is it boarterstastel yntusken besteld.

Wy beskôgje dêrmei de moasje as ôfdien. As jo oer dizze brief fragen hawwe kinne jo kontakt opnimme mei Jan Wim Ensing, 0512 -386 222 of fia janwim.ensing@opsterland.nl

Mei freonlike groetnis,
boargemaster en wethâlders,
de gemeentesekretaris,

Sandra van 't Hooge

de boargemaster,

Andries Bouwman